

# Examen VMBO-GL en TL

# 2022

tijdvak 1  
dinsdag 24 mei  
9.00 - 11.00 uur

**Fries CSE GL en TL**

Bij dit examen horen een bijlage en een uitwerkbijlage.

Beantwoord alle vragen in de uitwerkbijlage.

Dit examen bestaat uit 39 vragen.

Voor dit examen zijn maximaal 45 punten te behalen.

Voor elk vraagnummer staat hoeveel punten met een goed antwoord behaald kunnen worden.

## Tekst 1 It gefoel fan Astrid Lindgren

---

- 1p 1 Hoe kinst de funksje fan alinea 1 it bêste omskriuwe?
- A in anekdoate
  - B in gearfetting
  - C in yntroduksje
  - D in oanlieding
- 1p 2 Wat wurdt yn alinea 2 bedoeld mei it wurd 'revolúsjonêr' (rigel 14)?
- A Astrid Lindgren skreau boeken dy't allinne basearre wiene op fantasy.
  - B Astrid Lindgren skreau boeken dy't de jongerein yn opstân komme litte woene.
  - C Astrid Lindgren skreau boeken dy't folwoeksenen net wurdearren.
  - D Astrid Lindgren skreau boeken dy't hiel oars wiene as oare boeken yn dy tiid.
- 1p 3 Yn alinea 2 stiet dat Astrid Lindgren fûn dat jeugdliteratuer net moralistysk wêze moast.  
→ Hoe besocht sy dat neffens alinea 2 te berikken yn har boeken?
- 1p 4 "Lindgren har wurk is dêrom universeel en tiidleas." (rigels 28-29)  
Wat bedoelt de skriuwster mei dy opmerking?  
De boeken fan Astrid Lindgren
- A befetsje pedagogyske eleminten dy't ek no breed droegen wurde.
  - B sketse de belibbingswrâld fan bern sûnder fierder kommentaar.
  - C stelle tema's oan 'e oarder dy't noch hieltyd oansprekke.
- 1p 5 Wat falt de skriuwster op yn alinea 3?
- A dat de personaazjes fan Astrid Lindgren mei-inoar sa'n sterk, gek en fleurich groepke foarmje
  - B dat in protte Nederlanners opgroeid binne mei de personaazjes fan Astrid Lindgren
  - C dat net alle ynternasjonaal populêre personaazjes fan Astrid Lindgren yn Nederlân bekend binne
  - D dat Toanielploech Tryater in foarstelling makket mei personaazjes fan Astrid Lindgren
- 1p 6 Wat is neffens de skriuwster in opmerklik ferskil tusken Nederlân en oare lannen, wat it wurk fan Astrid Lindgren oanbelanget?
- A Yn Nederlân binne alle berneboeken fan Lindgren populêr, yn oare lannen mar ien.
  - B Yn Nederlân is it personaazje Karlsson net sa bekend, yn oare lannen krekt wol.
  - C Yn Nederlân wurdt Pippi Langkous it meast lêzen, yn oare lannen folle minder.

- 1p 7 “Karlsson wurdt ek wol de manlike Pippi neamd: hy is krekt sa unyk en eigenwiis as sy.” (rigels 49-51)  
Hoe wurket de skriuwster dat yn it ferfolch fan de alinea út?  
A Sy beskriuwt it karakter fan it personaazje Karlsson.  
B Sy leit út dat sy it net iens is mei hoe’t Karlsson omskreaun wurdt.  
C Sy neamt foarbylden út ien fan de ferhalen oer Karlsson.
- 1p 8 Yn it wurk fan Lindgren sitte eleminten dy’t tsjinstridich lykje te wêzen.  
→ Hokker foarbyld dêrfan kinst út alinea 5 helje?
- 1p 9 “Sûnder ferbylding is it libben kleurleas, liket Lindgren sizze te wollen.” (rigels 69-71)  
Wat bedoelt de skriuwster dêrmei?  
Astrid Lindgren fûn dat  
A fantasy essinsjeel is yn it libben.  
B in driuw yn it libben wichtich is.  
C it libben moaier is mei aventoer.
- 1p 10 “Sy jout har personaazjes de moed en krêft om harren eigen paad te kiezen”. (rigels 71-73)  
Wat wurdt yn dy útspraak bedoeld mei ‘harren eigen paad te kiezen’?  
De personaazjes fan Astrid Lindgren  
A doare harren eigen beslissingen te nimmen.  
B hawwe in aventoerlike libbensynstelling.  
C kinne harrensels yn nije situaasjes maklik rêde.
- 1p 11 Yn alinea 6 seit Martje de Jong: “yn de fantasy fan bern kin ommers alles noch, it binne de grutte minsken dy’t oan dat fermogen in ein meitsje mei harren hokjes en fakjes”. (rigels 96-99)  
→ Yn hokker eardere alinea wurdt oanjûn hoe’t Astrid Lindgren it yn har boeken oars docht?
- 1p 12 Wat makke it foar Martje de Jong dreech om it boek út it Sweedsk wei oer te setten nei it Frysk ta?  
Helje dyn antwurd út it tekstpart dat bestiet út de alinea’s 6 oant en mei 8.
- 2p 13 Neam twa redenen wêrom’t Martje de Jong berneboeken graach oerset yn de Fryske taal.  
Helje dyn antwurd út alinea 8.
- 1p 14 Wat is de funksje fan de alinea’s 9 en 10?  
De alinea’s binne in koarte beskriuwing fan  
A hoe’t Astrid Lindgren skriuwster waard.  
B it libben fan Astrid Lindgren.  
C karren dy’t Astrid Lindgren makke.  
D wurksumheden fan Astrid Lindgren.

- 1p 15 Alinea 9 begjint mei it beskriuwen fan Astrid Lindgren as famke.  
→ Hokker barren soarge der neffens de skriuwster foar dat Astrid Lindgren ynienen folwoeksen waard?
- 1p 16 Yn alinea 10 stiet dat Astrid Lindgren mei troch de berte fan har dochter as skriuwster altyd omtinken hat foar it bernlike ferlet fan feilichheid en boargerwêzen (rigels 168-172). Yn it eardere tekstpart dat bestiet út alinea 1 oant en mei 5 wurde dy eleminten ek al neamd.  
Hokker oarsaak wurdt dêr yn dat eardere tekstpart by jûn?  
A Astrid Lindgren har eigen jeugd  
B Astrid Lindgren har fyzje op bern  
C Astrid Lindgren har soan Lasse
- 1p 17 Hokker konklúzje oer Astrid Lindgren yn har perioade as ferneamd skriuwster slút it bêste oan by alinea 10?  
A Astrid Lindgren bestege de measte tiid oan it redakteurwêzen.  
B Astrid Lindgren hie njonken it wurk tiid foar ferskate oare saken.  
C Astrid Lindgren wie safolle mooglik dwaande mei it skriuwen fan har boeken.  
D Astrid Lindgren wraksele mei it ferdielen fan har tiid.

## Tekst 2 De fjirtich jier binne omflein

---

- 1p 18 Wat is de funksje fan de ynlieding boppe de tekst?  
A it fertellen fan in anekdoate  
B it formulearjen fan in stânpunt  
C it yntrodusearjen fan in persoan  
D it jaan fan in konklúzje foarôf
- 1p 19 “De grutte ... oare ynstellingen.” (rigels 7-10)  
Wat bedoelt Kuipers mei dy útspraak?  
A Kuipers besiket om yn de kolleksjes antwurden te finen op de fragen fan minsken.  
B Kuipers hâldt derfan om minsken te helpen mei ynformaasje út it ferline.  
C Kuipers wol de fragen fan minsken brûke om de kolleksjes út te wreedzjen.

- 2p **20** Yn de alinea's 2 oant en mei 5 wurdt by ferskillende fazen út it libben fan Kuipers in namme neamd dy't op dat stuit wichtich foar him wie.
- André van Daltsen
  - Frou Voerman
  - Neeltje van der Weide
  - Pieter Wijbenga
  - Van Heloma
- Folje yn it skema op dyn útwurkblêd de bêste namme yn by elke perioade.  
Tink derom: elke namme mei mar ien kear ynfolle wurde.

perioade	namme
1 Havo	
2 Middelbere argyfskoalle	
3 Staazje by Ryksargyf	
4 Ofdieling Ynventarisaasje	
5 Tresoar	

- 1p **21** Hokker ferbân sit yn de sin “Der wiene ... de hân.” (rigels 31-33)
- A** It is in konkludearjend ferbân.
  - B** It is in opsomjend ferbân.
  - C** It is in tsjinstellend ferbân.
  - D** It is in útlizzend ferbân.
- 1p **22** Wêrom diskusjearren Van Daltsen en Kuipers faak wylst sy it argyf fan de famylje Van Heloma ynventarisearren?  
Helje dyn antwurd út alinea 3.
- 1p **23** Hoe kinst de rol dy't André van Daltsen yn it libben van Kuipers spile it bêste beskriuwe?
- A** André van Daltsen hat krekt lykas Otto Kuipers belangstelling foar WOII.
  - B** André van Daltsen hat krekt lykas Otto Kuipers op It Hearrenfean wenne.
  - C** André van Daltsen hat tegearre mei Otto Kuipers nei kollega-ynstellingen ta reizge.
  - D** André van Daltsen hat tegearre mei Otto Kuipers studearre en wurke.

1p **24** “Oant 1985 wurke er op de ôfdieling Ynventarisaasje, dêr’t er tal fan nijsgjirrige argiven beskriuwe mocht, lykas de samling fan fersetsman Pieter Wijbenga, fan wa’t de ynventaris yn 1986 publisearre is.” (rigels 46-52)  
Hoe slút de neikommende sin “‘Sa krige ik hieltyd mear belangstelling foar de Twadde Wrâldoarloch yn Fryslân.’” (rigels 52-54) dêr op oan?  
**A** mei in foarbyld  
**B** mei in gefolch  
**C** mei in reden  
**D** mei in útlis

1p **25** “‘Dat wie hiel goed om de kolleksjes kennen te learen.’” (rigels 56-57)  
→ Wêr ferwiist ‘dat’ nei?

1p **26** “‘Minsken sieten yn de finsterbanken, sa drok wie it bytiden.’” (rigels 61-63)  
→ Hokker ferskil mei hjoed-de-dei spilet dêr in rol yn?  
Helje dyn antwurd út alinea 4.

2p **27** Op hokker twa wizen diene Otto Kuipers en syn team kennis op oer it ferbetterjen fan de tsjinstferliening fan Tresoar?  
Helje dyn antwurd út alinea 5.

2p **28** “‘Ien fan de hichtepunten yn dy tiid wie Simmer 2000’.” (rigels 89-90)  
→ Neam twa dingen dy’t Kuipers moai fûn by dat evenemint.

*De folgende inleiding hoort bij de vragen 29 en 30.*

Yn de ynlieding boppe de tekst fertelt de skriuwster dat ‘minsken en harren ferhalen’ de reade tried binne yn it wurk fan Kuipers. Yn de tekst komt noch in twadde reade tried oan ’e oarder: de Twadde Wrâldoarloch (rigels 110-112).

1p **29** Yn hokker alinea’s wurdt benammen ferteld oer dy twadde reade tried yn it wurk fan Kuipers?  
**A** yn de alinea’s 4, 5 en 7  
**B** yn de alinea’s 4, 7 en 10  
**C** yn de alinea’s 5, 7 en 10

1p **30** Wannear is de ynteresse fan Kuipers foar de Twadde Wrâldoarloch ûntstien?

1p **31** Wat soe in passend kopke wêze boppe alinea 7?  
**A** Argiven  
**B** Sân meter  
**C** Spesjalist  
**D** Tresoar

- 1p 32 “It trochjaan fan ferhalen fynt Otto belangryk.” (rigels 121-122)  
Hoe slút de neikommende sin “Dêrmei fergruttest dyn kennis en learst om dy te ferpleatsen yn de situaasje fan doe.” (rigels 122-125) op dy útspraak oan?
- A mei in beswier
  - B mei in foarbyld
  - C mei in konklúzje
  - D mei in útlis
- 1p 33 Hjirûnder stean trije útspraken.  
útspraak 1: Kuipers is fassinearre troch de motorsport om’t er sels ek fan hurd riden hâldt.  
útspraak 2: By de TT moetet Kuipers allegearre kunde.  
útspraak 3: Foar Kuipers is de TT benammen nijsgjirrich fanwegen de skiednis dêrfan.  
Hokker útspraak is of hokker útspraken binne wier?
- A Utspraak 1 is wier, útspraak 2 en 3 net.
  - B Utspraak 2 is wier, útspraak 1 en 3 net.
  - C Utspraak 3 is wier, útspraak 1 en 2 net.
  - D Utspraak 1, 2 en 3 binne wier.
  - E Utspraak 1, 2 en 3 binne net wier.
- 1p 34 Wat is it ferbân tusken alinea 8 en de earste sin fan alinea 9 “Dy passy wie de oanlieding foar de webside mei alle B-nûmers dy’t tusken 1906 en 1950 yn Fryslân takend binne oan eigners fan auto’s en motoaren.” (rigels 149-153)?
- A It is in ferlykjend ferbân.
  - B It is in oarsaaklik ferbân.
  - C It is in opsomjend ferbân.
  - D It is in tsjinstellend ferbân.
- 1p 35 Kuipers tinkt dat er ek nei syn pensjoen mei argiven dwaande bliuwe sil.  
→ Wat is dêrfan de reden?
- 3p 36 Kuipers hat in soad belangstelling foar de Twadde Wrâldoarloch.  
→ Jou dêrfan fjouwer foarbylden út de tekst.

**Let op: de laatste vragen van dit examen staan op de volgende pagina.**

*De volgende inleiding hoort bij de vragen 37 en 38.*

De tekst kin rûchwei ferdielt wurden yn 5 parten.

part 1: Ynlieding

part 2: Oplieding

part 3: Wurk

part 4: Hobby

part 5: Pensjoen

- 1p 37 By hokker alinea begjint part 3?
- A alinea 4
  - B alinea 5
  - C alinea 6
- 1p 38 By hokker alinea begjint part 4?
- A alinea 7
  - B alinea 8
  - C alinea 9
- 1p 39 Wat binne de doelen fan de tekst?
- A ferdivedearje en oertsjûgje
  - B ynformearje en ferdivedearje
  - C oertsjûgje en ynformearje

---

**Bronvermelding**

*Een opsomming van de in dit examen gebruikte bronnen, zoals teksten en afbeeldingen, is te vinden in het bij dit examen behorende correctievoorschrift, dat na afloop van het examen wordt gepubliceerd.*